# Sexbierum neemt afscheid van 'De Terskflier'

**SEXBIERUM** De kerkdiensten van de Protestantse gemeente Sexbierum-Pietersbierum worden vanaf 1 november in de Sixtuskerk gehouden. Veel Sexbierumers en oud-Sexbierumers kwamen zondag nog één keer naar 'De Terskflier' om afscheid te nemen. Hervormd en gereformeerd Sexbierum zijn al veertien jaar samen, al jaren was duidelijk dat met het samengaan één van de kerken overbodig was geworden. ,,We hebben lang naar dit afscheid toe kunnen leven, nadat we in 2007 samen gingen was duidelijk dat we op termijn één van de gebouwen af zouden moeten stoten'', vertelt administrateur Bouwe Tjallingii, ,,Toen de Sixtuskerk verbouwd werd, hebben we nog gebruik gemaakt van dit kerkgebouw, nu de verbouwing klaar is, komt dit gebouw in de verkoop. Het orgel is verkocht, dat gaat naar een kerk in Brabant. Ook voor mijzelf liggen hier veel dierbare herinneringen, ik ben hier getrouwd, de kinderen zijn hier gedoopt, ik was jarenlang organist en deed de boekhouding van de kerk. Maar het is goed zo, het belangrijkste is dat de scheiding die er vroeger was, er nu niet meer is. Dat we met zijn allen naar één kerk gaan. Nu nemen we afscheid, vandaag kan iedereen nog komen kijken, morgen dragen we aan het einde van de laatste kerkdienst de attributen naar de Sixtuskerk.''

**'It heart by ús libben'**

Klarinda de Witte-Jensma is één van de bezoekers, haar trouwalbum ligt opengeslagen voor in de kerk: ,,Sjoch, dat bin ik, yn juni 2001 binne Ane en ik hjir troud. Us fjouwer bern binne hjir doopt. De tsjerke is foar ús belangryk, dat is oan de foto's ek wol te sjen. It heart by ús libben en ús leauwen. Yn'e corona-tiid dat we net nei tsjerke koenen, waarden de tsjinsten fanút dizze tsjerke streamd, dêr wienen we hiel wiis mei. No is de tiid naam om ôfskied te nimmen. Wat der mei dit gebou barre sil? Gjin idee, we hoopje dat it wêr in hiele goeie bestemming krije sil.''

*Lees verder op pagina 7*



**Sexbierum neemt afscheid van een kerkgebouw.** Foto Suwarda Vis

# Bijzonder afscheid van een kerkgebouw

*Vervolg van de voorpagina*

In de voorste bank zitten Emma Bos en Mattie Mollema. ,,We binne hjir net wei te slaan, we sieten hjir fannemoarn al, allegearre bekenden dy't we lang net sjoen ha! Myn jeugd leit hjir yn dizze tsjerke'', vertelt Emma Bos, ,,Myn heit wie hjir dûmny fan 1951 oant 1965, dûmny C. Bos, ik wie trije doe't we hjir kamen en sântjen doe't we hjir wei gienen. In hiel skoft, ús heit hie it hjir sa nei it sin. Hy hat yn dy tiid wol beroppen hân, mar hy woe hjir net wei. We wennen yn'e prachtige pastorie hjir neist, wat in moai hûs wie dat, in lange gong fan tretjen meter, dêr knikkeren wy. Letter is der in nije pastorie boud. Doe't heit 25 jier predikant wie, hienen we feest hjir yn tsjerke, ús hûntsje, Pucky, wie der ek by. Heit krige in Solex fan tsjerke want as er dan earne oars preekte, koe der dêr moai op'e Solex hinne. Doe't ik sântjen wie, ferhûze ik nei Frjentsjer. Wat moast ik der oan wenne, wat wie it oars yn'e stêd as op in doarp.''

Mattie Mollema beaamt dat: ,,We binnen hjir grut wurden, ik gong hjir ek nei tsjerke, we binne hjir hikke en tein. Moarn by de tsjerkestjinst binne we der ek. It bliuwt foar ús dochs in spesjaal plak.''

> We wennen yn'e prachtige pastorie hjir neist

Emma Bos:,,We hienen hjir club, hjir achter yn it gebou. Dêr hienen we ek catechisatie. Us heit wie goed mei de jeugd, as der in groepke belidenis dien hie, hienen we dernei feest mei dy groep by ús thús yn'e pastorie. In prachtige tiid wer't ik graach oan werom tink. No sjoch ik hjir allegearre âlde bekenden, guon hie ik net herkend as se net sein hienen wa't se binne. Moarn noch nei de tsjinst en dan slúte we it ôf. It is goed sa.''

Suwarda Vis